

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Sietske Poepjes (kultuer), Klaas Fokkinga (leefberens), Douwe Hoogland (fergunningen eveneminten)
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Dizze wike kaam yn it nijs¹ dat ferskate doarpen yn Fryslân ophâlde mei optochten, omdat der hieltyd mear soarch is oer in tanimmend tal regels. Dêr boppe-op komt de soarch oer de oanspraaklikheid fan de organisatoaren fan doarpsfeesten. Yn hast alle gefallen binne dat frijwilligens dy't mei-inoar moaie dingen op poaten sette foar ús mienskip.</p> <p>Earder hat de FNP him mei in <i>'meldpunt bedrige doarpstradysjes'</i> hurd makke tsjin trochsleine regeljouwing² fan de kant fan de oerheid. It oanfregjen fan fergunningen, it foldwaan oan wet- en regeljouwing, mar ek it regeljen fan fersekerings by eveneminten en it foldwaan oan easken fan de fersekerders is in tige drege put wurden, dêr't net elke frijwilliger mear nocht oan hat. It soe tige spitich wêze as dêrtroch de leefberens yn ús doarpen en stêden ferskralet.</p>
Fraach / fragen	<p>1. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it skande is dat doarpsfeesten en optochten troch tanimmende regeldruk en troch eangst foar oanspraaklikheid net mear trochgean kinne?</p> <p>Neffens it artikel fan de Ljouwerter Krante is it lêstich en djoer foar organisatoaren om in fersekering te regeljen en dekke fersekerings mar in beheind part fan de skea. Op it stuit moat elk doarp of stêd it tsjil op 'e nij út fine.</p> <p>2. Sjocht it kolleezje mooglikheden om yn oparbeidzjen mei de gemeenten yn Fryslân in kollektive fersekering ôf te sluten foar optochten en oare eveneminten yn ús doarpen en stêden?</p> <p>3. Soe it mooglik wêze om fia in waarboarchfûns skea dy't fersekerders no net fersekerje wolle, dochs ôfdekke te kinnen?</p> <p>4. Soe de provinsje – yn oparbeidzjen mei de gemeenten – praktyske help biede kinne troch ekspertize op it mêd fan wet- en regeljouwing, fersekerings en oanspraaklikheid te bondeljen en fia in leefberensloket beskikber te meitsjen foar organisatoaren?</p>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sijbe Knol
Datum	20 febrewaris 2023

¹ Ljouwerter Krante, *'Voortbestaan dorpsfeesten bedreigd door regeldruk'*, 18 febrewaris 2023

² FNP, *'FNP begjint meldpunt bedrige doarpstradysjes'*, 28 desimber 2018; FNP, *'FNP yn ferset tsjin trochsleine regeljouwing'*, 22 maart 2022.